

**Ferslach fan de gearkomste fan it Genealogysk wurkferbân yn Café Wouters op sneon 3 novimber 2018**

**Oanwêzich:** 19 persoanen

De foarsitter Gosse van der Plaat iepent om 13.30 oere de gearkomste.

**Meidielingen** troch de frs.:

Berjocht fan behindering is ynkaam fan de folgjende 6 leden: Sjoerd de Boer, Annie Bokkinga, Liesbeth Bonnema, Hans van Dijk, Wytze Tjoelker en Max van der Wijk.

It Jierboekje 2017 is útferkocht en stiet op de webside fan de F.A.

Us skriuwer wiist op it útkommen bûsboeke/aginda foar 2019 mei as tema: Genealogy.

Foar de folgjende gearkomst op 3 desimber komt in nije digitale útnoadiging. Dan sil ek it ferslach fan 13 oktober behannele wurde.

Bestjoerszaken;

- a. De notulisten foar de folgjende gearkomsten binne al regele.
- b. Organisaasje Akademy: Elts hat yn de krante lêze kinnen oer de finansjele perikelen by de F.A. en dat der de kommende jierren wer besunige wurde moat. De wurkferbânnen binne net yn diskusje. Wol is der it fersyk om nijere gearwurking tusken de wittenskippers en de wurkferbânnen, dy 't takom jier besprutsen wurde sil.
- c. De frs. docht nochris in oprop om útstellen fan foardrachten troch de leden.

**Lêzing troch âld-master Jan de Jager** fan Dokkum, mei as ûnderwerp:

**Ynwenners fan Paesens-Moddergat, Wierum en Nes en it parenteel fan de Hellinga's.**

Neidat de Jager himsels foarsteld hat, jout hy earst in oersjoch fan syn aktiviteiten yn syn frije tiid. Nei it samljen fan postsegels is hy yn de njoggentiger jierren oerskeakele nei genealogy en lit in steapel boeken fan syn hân sjen:

De Hellinga's (2 delen) mei sa'n 40.000 persoanen, de fierste yn 1523.

3 boeken oer de doarpen: Paesens en Moddergat, Nes en Wierum.

Fierder hat hy meiwurke oan: Op de praatstoel (2 delen, mei ynterviews yn NO-Fryslân), ferhalen yn de Sneuper en Levenloze kinderen in N.O.-Fryslân

Op't heden is hy oan 'e slach mei de fam. Sonnema, dy't fan oarsprong út Harns en Frensjer komt. Fierders mei de fam. de Roos, de Jager en de Hoop.

En ek noch mei de Dokkumer kriminen.

Oan de hân fan in oantal tema's rint hy by syn wurkwize lâns:

- Ontstean: Hoe is it allegearre begûn?
- Wêr moast sykje?
- Hoe kom je ta in boek en hoe bringst dit oan de man?
- Wat kaam ik allegearre tsjin?

De Jager brûkt gjin spesifyk genealogysk-programma, mar wurket allinnich yn Word en set foar it printsjen alles oer yn Pdf.

Yn it skoft wurdt troch de oanwêzige leden drok sneupt yn de troch sprekker meinommen boeken.

Nei it skoft komme de earder neamde doarpen oan bod.

Foar de doarpsboeken hat de Jager alle ynwenners fan in doarp mei in brief benadere om meiwurking foar gegevens oer harren famylje mei safolle mooglik fotoos, wêrop hy in positive respons krige fan sa'n 90%. Dizze doarpsboeken hat hy printsjen litten yn geef Frysk: "Printing on Demand", mei as foardiel dat hy maklik by drukke litte kin.

Nei ôfrin tanket de foarsitter sprekker foar syn lêzing.

### **Omfreegjen:**

Der is neat foar it omfreegjen.

Foarsitter dielt noch mei dat it reiske wierskynlik hâlden wurde sil op 21 sept., mienskiplik mei it NGV.

Oansteande 11 nov. hâldt it NGV yn it HCL harren jiergearkomst mei 10-minute praatsjes en op 1 desimber komt It Jierboek 2018 út yn de Koperen Tún.

Hjirnei slút de foarsitter de gearkomste efkes nij trijen.

Opmakke troch: Meindert Tangerman